

De foardrachtkriich yn fûgelflecht

It ûntstean

Mei *de* foardrachtkriich wurdt almeast dy fan de eardere Provinsiale Underwiisrie bedoeld. Dêr giet it hjir oer. Dy is yn 1942 út ein set en is noch altyd bedoeld foar learlingen yn it fuortset ûnderwiis. Oer wa't yndertiid it inisjatyf nommen hat of hawwe ta it opsetten fan 'ús' kriich, is yn it argyf neat te finen.

De Underwiisrie wie yn 1928 ynsteld troch de Steaten fan Fryslân. Artikel fan it karbrief wie sa: 'Tot bewaring en sterking van het Friesche Volks- en Taaleigen wordt een Provinciale Onderwijsraad ingesteld (-)'. Yn 94 wurdt ûnder de flagge fan en troch de Rie út ein set mei 'in kriich yn it foardragen fan Fryske poëzij, wêrfoar hja prizen beskikber stelt.'

It doel

Jierrenlang wurdt de formulearring fan it doel fan de kriich net feroare. Sûnt likernôch 1960 wurdt it net mear omskreaun: der wurdt fan útgien dat elk wol wit, wêr't de kriich foar is en wy soene it no faaks wat oars formulearje, mar de doelstellings fan doe jilde noch kreksa:

- a. befoardering fan de belangstelling foar literatuer yn it algemien en foar de Fryske yn it bysûnder;
- b. fuortsterking fan frijmoedigens yn it nei foaren kommen;
- c. befoardering fan in goede 'dicty'.

Der binne sa yn de rin fan de jierren wol wat doelen bykommen, dy't ôflaat wurde kinne fan de trije haaddoelen:

- d. it befoarderjen fan it skriuwen fan poëzij foar jongerein;
- e. it fersprieden fan poëzij oer de skoallen;
- f. it soargjen foar in foarrie gaadlike gedichten, dy't by de tiid binne en oansprekke, om foar te dragen.

De organisaasje

It tiidrek 1942-1964

De dielnimmers moatte yn de earste jierren twa fersen foardrage: in ferplichte fers, te kiezen út in tal tastjoerde fersen, en in frij nûmer, te kiezen út in tal opjûne bondels. Dan is der, sa't it liket, noch net in foarkriich. Dy wurdt foar 't earst neamd (alleast yn it argyf) op de blêden mei ferplichte fersen fan 1953. Letter, al yn 1955, moat op de foarkriich it iene ferplichte fers foardroegen wurde en op de einkriich itselde fers en in frij nûmer, dat oan easken fan keunst en goede smaak foldwaan moat. Dan wurde dus gjin bondels mear opjûn.

De tarin nei de kriich wurdt dan al sa grut, dat de organisaasje de skoallen fersiket net mear dielnimmers te stjoeren as de skoalle klassen telt. Sûnt 1966 wurdt op beide krigen ien fers nei foaren brocht en is it heechste tal dielnimmers de groep de skoalle seis. It ferplichte en it frije fers bliuwe op resp. foar- en einkriich. Ljouwert is oant 1965 de stêd dêr't it him allegearre ôfspilet om de peaskefakânsje hinne. Yn datselde jier 1965 feroaret ek de tiid: de kriich giet nei Drachten en nei hjerst en winter. De kriich swalket wat troch Ljouwert fan Hotel P. de Jong oan de Langemarktstrjitte nei it Oranjehotel en De Harmonie om by eintsjebeslút in hiel skoft ta te hâlden yn 'Gebou De Weard' (foarkriich) en 'Keunstsintrum Prinsetún' (einkriich). Yn 1965 giet de kriich mei organisator Geale de Vries nei Drachten nei De Lawei. Yn 1985 en '86 wurdt in útstapke nei De Pleats yn Burgum makke, om't De Lawei dan ferboud wurdt.

It tiidrek Geale en Tsjerkje de Vries (1965-1979)

It ramt fan de organisaasje is winliken yn al dy jierren net feroare. Dochs kin praat wurde fan in foardrachtkriich 'nije styl', sûnt de tiid dat Geale de Vries, learaar oan de Rykskweekskoalle fan Drachten en yn 1965 ek dieltiid-skriuwer fan de Underwiisrie, tagelyk ek de foardrachtkriich op 'e noed kriget. Yn 1953 wie er foar de earste kear mei learlingen fan de Akkrumer húshâldskoalle op 'e kriich en sûnt dy tiid fêste leveransier fan priiswinners, benammen yn syn 'kweektiid'. Yn 1961 hie er al in kear foarsitterje mocht yn 'De Prinsetún' en doe't er Poortinga yn 1965 frege: 'Hoe komt it mei de foardrachtkriich fan 't jier?', wie er, foar't er it yn 'e gaten hie, 'organisator'.

Nije organisator, nij plak

De tariedingen moasten doe noch begjinne en dat wie de reden dat de kriich nei de winter ferhuze! De Lawei wie nij en moai tichteby en sintraler as Ljouwert. In soad administraasje waard mei de hân dien en mei trochslaggen út de typmasine en in helpende hân fan in 'oare helte' is dan goed wolkom.

Fersefariaasje en FeRstival

Yn 1968 bestiet de Rie fjirtich jier en der moat wat bysûnders barre: de losse fellen mei ferplichte gedichten wurde in kreas boekje mei de titel 'Fersefariaasje' en de kriich kriget in namme: 'It FeRstival' (fersen op in festival), in fynst fan Tsjerkje de Vries-Hemrica. Marijke van Dijk- Beintema makket it ûntwerp foar it omkaft fan it boekje, dat it úthâldt oant it jubileumjier, as de wurkgroep fynt dat der mar ris in nij jaske om moat fan deselde ûntwerpster.

Dichters dichtsjen op fersyk

Der bart yn '68 noch wat bysûnders: foar it earst wurde dichters útnoege om fersen spesjaal foar 'It FeRstival' yn te stjoeren en dat hat it begjin west fan in treflike gearwurking tusken organisaasje en dichters by it foarsjen yn in ferlet: gedichten om foar te dragen foar jongerein

tusken de tolve en de tweintich, fan en foar dy tiid. Rûchwei komme wy sa op trijehûndert fersen foar dy doelgroep. Dêrby is noait fergetten om 'de klassiken' op te nimmen, dy binne fan alle tiden en foar elkenien. Sa njonkelytsen krige de organisaasje in 'Geale-en-Tsjerkje-gesicht': in goed rinnende kriich mei in brede rûnte fan dichters, sjueryleden en begelieders fan dielnimmers, dy't wisten wat harren te wachtsjen stie en wat fan harren ferwachte waard.

Betingsten

De dielnimmers sels, dêr't ommers alles om draait, wiene wis fan in organisaasje sûnder flaters, in boek foar alle finalisten en in sjueryrapport de dielnimmer. Hâldfêst krigen se fan 976 ôf oan in ynlieding yn 'Fersefariaasje' oer de basisbetingsten dy't oan in foardracht steld wurde kinne. Dy ynlieding waard skreaun troch de sjueryleden Klas Folmer, Mindert Wynstra en Tsjerk Veenstra. De lêste makke ek it ûntwerp foar it wurkformulier foar de sjuery en it rapport foar de dielnimmer. It 'FeRstival' is yn dy tiid in famyljebedriuw wurden, net allinne foar de minsken fan de organisaasje, mar ek foar grutte groepen dielnimmers, harren begelieders en âlden. Dat is de grutte fertsjinsten fan Geale en Tsjerkje de Vries, al sille se fuort sels sizze 'dat it net sûnder alle oaren koe' en dat is ek wier.

It tiidrek Tsjerk en Annegien Veenstra (1980-1992)

De jierren tachtich en njoggentich hawwe jierren west fan konsolidaasje. Under de leden fan de Underwiisrie (fjirde ôfdieling) moast in opfolger foar de De Vriezen socht wurde. Ien dy't fan alle innen en oanen op 'e hichte wie, soe it maklikste wêze en Tsjerk Veenstra woe sa'n earfol oanbod net wegerje. Hy hie al jierren yn 'e sjuery sitten, in goed kontakt mei syn foargonger en, wat fansels tige wichtich is yn sa'n funksje, moai wat afiniteit mei poëzij. Syn frou Annegien rôle fansels yn de administrative stipefunksje en ûntwikkele har al gau ta kuierjende aginda.

It tiidrek fan it FLMD (1992-1993)

Troch de reorganisaasje by de provinsje waarden de ûnderskate advysrieden op 'e nij ferkavele; boppedat mocht in rie net mear útfierend wurk dwaan, lykas it organisearjen fan 'It FeRstival'. Sadwaande waard it ûnderbrocht by it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaesjesintrum, 'It FLMD'. Dat wie yn 1990 en foar it FLMD waard Tineke Steenmeijer-Wielenga, de konservatrise, oan de wurkgroep 'FeRstival' tafoege. Dy bestie doe al út mear persoanen as allinne Tsjerk en Annegien Veenstra, omdat dy fan betinken wiene dat sok wurk wat breder droegen wurde moat. Yn 1989 wiene Jan Jongsma en Jelle Bangma al lid fan de wurkgroep wurden en yn 1999 kaam Bouke Oldenhof as literatuerbefoarderer by it FLMD yn 't plak fan Tineke Steenmeijer. By it 50-jierrich bestean komt de sammelbondel 'Poëzij op 'e planken' út mei in kar oan fersen út dy fyftich jier.

It tiidrek Jelle Bangma (1993 oant no)

Yn 1993 nimme Tsjerk en Annegien Veenstra ôfskie as boelberêders en giet tagelyk deorganisaasje fan it FLMD nei it MSU mei it Taalsintrum Frysk en Jelle Bangma as nije berêder. As foardrager, sjuerylid en dichter fan jongereinfersen wie net in bettere opfolger te finen. It Ferstival hat no in fêst plak binnen it wurk fan it Taalsintrum Frysk en dat hat syn foardielen. It printwurk komt der profesjoneler út te sjen en de foarkriich wurdt desintralisearre, wat in positive ynfloed hat op it tal dielnimmers, benammen fan de jongste groepen. It tal wurdt wer trije: starters, trochsetters en toppers.

As it alfde lustrum fierd wurdt, komt by dy gelegenheid in cd út mei tweintich priiswinnende foardrachten fan 1992 oant 1996 troch de priiswinners sels. Opfallendste namme: Nynke Laverman mei fjouwer foardrachten. Dichters dy't it faakst keazen binne (foar de cd): Tiny Mulder, Tsjits Peanstra, Jelle Bangma, Benny Holtrop en Froukje Annema.

De sjuery

In kriich moat it hawwe fan dielnimmers en sjueryleden. Dy lêste groep is in wichtige konstante faktor dy't soargje moat dat de dielnimmers it gefoel hawwe dat harren bydrage serieuus nommen wurdt en dat se earlik beoardiele wurde. Dat is gjin sinekuere, want it giet foar in part om net mjitbere grutheden lykas mimyk en ekspresje, spanning en klimaks, hâlding en folme.

Der is dan ek hiel wat ôfdiskusjearre yn de sjuerys yn de rin fan de tiden. Punten fan ferskil, ek mei begeliedende dosinten, wiene faak: dialektyske útspraak, de gebearten, de kar fan de fersen en ek wol de priistakenning fansels: 'it publyk' komt soms ta in hiele oare kar. Ien kear hat der gâns strideraasje west oer it al of net drage kinnen fan in lange broek troch famkes: tiden hawwe tiden!

Sûnt 1973 krije alle dielnimmers nei ôfrin in persoanlik sjueryferslachje mei nei hûs, dat fansels net sa wiidweidich wêze kin.

Sjueryleden wiene en binne der yn soarten: yn de earste jierren komme wy de nammen tsjin fan pater Halvard Hetteema, frou Van der Minne- Buma, Arthur Vandamme, Lipkje Post-Beuckens (de romanskriuwster Ypk fan der Fear en dichteresse Ella Wassenaer), Auck Smit-de Boer, Barend van der Veen (toanielman), Halbe S. Doele en Teake Hoekema (taalkundige): minsken út 'it Fryske fermidden'. Letter binne in pear kategoryen te ûnderskieden:

- de dichters/skriuwers: (yn folchoarder fan opkomst) juffer A. van Dorssen (Rixt), Jo Smit, Hessel Miedema, Freak Dam, Steven de Jong, Tsjits Jonkman-Nauta (Tsjits Peanstra), Geart Jonkman, Durk van der Ploeg, Freak Dam, Geart van der Zwaag, Meindert Bylsma, Joop Boomsma, Baukje Wyttsma, Berber van der Geest, Anny de Jong, Akky van der Veer,

Tine Bethlehem, Jelle Bangma, Jurjen van der Meer, Syds Wiersma, Saakje Huisman, Tine Bethlehem, Giny Bastiaans, Baukje Tsjerkje de Jong en Tjitte Piebenga.

- minsken fan toaniel en foardracht: Jeltsje Das, Ria Postma-Stolk, Lysbeth Kirkenier-van der Werff, Anne Tuinman, Freark Smink, Mindert Wynstra, Douwe Kootstra, Nynke Laverman, Matty Dyk, Hennie Veenstra ensfh.
- FeRstival-priiswinners: Klaske (Straatsma)-Westerhof, Maaïke (Moed)-de Wilde, Tet (de Boer)-Lap, Nynke (Eringa)-Boomgaardt, Mindert Wynstra, Romkje Bosma, Attsje Talsma, Gerda van der Wyk, Jelle Bangma, Marietje (de Jong)-Varwyk, Henny Veenstra, Geart Broers, Nynke Laverman, Theun Plantinga, Gerda Vonk ensfh.
- ûnderwiisminsken: Heine Keuning, Dúfke Boomsma, Johan Snijder, Matty Dyk, Pier van der Velde, Sjouk Osinga-Stelpstra, Douwe Kootstra, Jelke van der Velde, Jenny Boomsma-Eppinga, Bé Smit, Popke Popma, Johan Bloem, Arend Lok, Fokke Broers ensfh.

De list is sa noch net kompleet en guon funksjonearje yn noch mear fermiddens as hjir neamd. Oaren binne hjir net neamd, omdat se mar ien of twa kear meidien hawwe. In bysûnder soarte binne de 'úthâlders': Klas Folmer en Tsjits Jonkman- Nauta hawwe langer as 5 jier sjuerylid west, wêrby't Klas Folmer ek begeliedster wie fan learlingen en Tsjits Peanstra ek gedichten oanlevere foar Fersefariaasje. Nynke Eringa-Boomgaardt, Romkje Bosma, Douwe Kootstra, Matty Dyk en Jelke van der Velde binne likernôch tusken de 30 en 20 jier warber, mei as absolute topper Klaske Straatsma, dy't al mear as 40 jier fan de partij is. Al dy neamde en noch folle mear net neamde karmasters en -masterkes komt grutte wurdearring ta foar it belangeleaze wurk dat se faak sa lang dien hawwe of noch dogge. Sels sille se sizze dat se in soad weromkrigen hawwe fan de dielnimmers.

De dielnimmers

Sûnt 1999 wurdt wurke mei trije skiften: Starters, dat binne earsteklassers, Trochsetters binne dielnimmers út twadde en tredde klassen en de Toppers komme út de jierren dêrboppe. Om't it tal dielnimmers oprint én om dielname te stimulearjen wurde de foarwedstriden desintralisearre en yn Ljouwert, Snits en Burgum holden en dat wurket.

Oer de dielnimmers kin boppedat noch sein wurde: se komme mear fan it mafû / vmbo as fan oare skoaltypen; in soad kamen eartiids fan de kweekskoallen / pa's / pabû's; dat is erhinne dien; folle mear famkes as jonges dogge mei; it tal skoallen dat meidocht groeit yn de rin fan de jierren; as in skoalle ienkear dielnimmers hat, dan komme se oer 't generaal trou; benammen yn de jongste groepen hinget it meidwaan ôf fan in stimulearjende dosint(e); âldere dielnimmers melde harren faak bûten in skoalle om; guon komme út typyske 'foardraachhúshâldings'; de memmen binne dan faak de 'motor'; it topjier wie oant no ta 2004 mei 60 dielnimmers; de lêste jierren sit it tal om ende by de 150.

– ‘Fuortsterke frijmoedigens’

len fan de doelstellings wie ‘it fuortsterkjen fan de frijmoedigens’. Sa besjoen hie en hat de foardrachtkriich in wichtige maatskiplike funksje, al is fansels net oan te toanen dat guon dielnimmers sûnder it foardragen net sa er kommen wiene. Om dat dúdlik te meitsjen folgje hjir in tal nammen fan min ofte mear ‘ferneamde’ dielnimmers. Guon hiene of hawwe in iepenbiere funksje, oaren binne om harren artistike kwaliteiten bekend. (mei it earst bekende jier fan meidwaan)

1946 Lolle Nauta, Marten Brouwer

1949 Rients Gratama, Lieuwe Pietersen, Rinze Zylstra, Bauke de Jong

1950 Riek Landman

1951 Reinder R. van der Leest, Jaap Kuindersma, Klaske (Straatsma-)Westerhof

1957 Tjitte Piebenga

1961 Johan van der Zee, Janny (Johanneke) Liemburg, Saakje Wittermans, Maaïke de Wilde

1964 Mindert Wynstra

1968 Jelle Bangma

1980 Gerda van der Wyk

1992 Nynke Laverman

1996 Theun Plantinga

De begelieders

It meidwaan fan skoallen en it sukses fan dielnimmers hat altyd bot ôfhinklik west fan de begeliedende dosinten. Guon dielnimmers koene thús holpen wurde, mar de measten moasten it dochs hawwe fan in entûsjaste learaar of learares. In hiel soad hiene grif nooit ûntdutsen dat se talint hiene om foar te dragen of toaniel te spyljen, as se net oanpoend wiene om mei te dwaan. Boppedat hawwe in hiel soad libbenslang niget oan poëzij oerholden fan it yngeand besprekken fan de foar te dragen fersen. Der moat mear barre as it út ’e holle learen fan in tekst: as de foardrager dy net begrypt, oanfielt en neifiele kin, dan bart der by de harker neat. Yn de skiednis fan de foardrachtkriich hawwe in stikmannich begelieders hast ‘skoalle makke’. Wy neame H.K. Schippers, Geale de Vries, Klas Folmer, Fokke Broers, Bareld de Vries, Wimke Duys, Janke van der Meulen fan de dosinten sûnder oaren te koart te dwaan. En dan binne der noch de memmen dy’t in wichtige bydrage levere hawwe mei as opfallend foarbyld frou Scheepsma fan Seisbierrum. Wis is dat de foardrachtkriich net wurden wie wat er wie en is sûnder dy betûfte en oanhâldende begelieders-dosinten en âlden dy’t safolle tiid en enerzjy yn dat faak muoisume, mar ek tige tankbere wurk setten hawwe.

De fersen

Om de fersen is it allegearre begûn: ‘befoarding fan de belangstelling foar literatuer, de Fryske

yn it bysûnder'. Der wurdt ek hjoed de dei in hiel soad dien oan dy befoardering, likegoed kommersjeel as ideëel. It aardige fan it 'FeRstival' is dat der in aktive komponint yn sit: de ûntdutsen of konsumearre literatuer moat foardroegen wurde. Likegoed kin it materiaal fan it 'FeRstival' ek passyf brûkt wurde troch it klassikaal te behanneljen en dat bart ek. In oare mooglike aktive komponint soe it sels meitsjen fan gedichten wêze kinne, sa't dat barde by it eardere S.K.V.F. ûnder de namme 'Dichter bij dichter' en no ûnder de agge fan 'Kunstbende'. Sa no en dan draacht in dielnimmer in eigenmakke fers foar.

De kar fan de fersen foar de jierlikse bondeltsjes hat altyd beskaat west troch de folgjende kritearia:

- se moatte ta de literatuer hearre;
- se moatte goed foar te dragen wêze;
- foar alle rjochtingen moat der wat by wêze;
- de klassike dichters hearre deryn;
- foar de jongsten moatte se mear fertellend wêze.

Oer 't generaal kin steld wurde dat it hiele skala oan Fryske poëzij yn de bondeltsjes fertsjintwurdige is. It seit himsels dat, njonken de algemiene kritearia, de smaak fan de gearstallers de kar altyd bepaald hat. Yn 1968 die him in wichtige omslach foar yn it oanleverjen fan fersen. De Underwiisrie bestie doe fjirtich jier en der moast wat bysûnders barre. Dat waard in omkaft makke foar de losse blêden mei de ferplichte gedichten neffens in ûntwerp fan Marijke van Dijk-Beintema en, wat dy wichtige omslach útmakket, party dichters waard frege om gedichten spesjaal foar de foardrachtkriich yn te stjoeren en sa mooglik ek spesjaal te skriuwen foar de ferskate groepen. Dat earste jiers waarden sa fersen publisearre fan Jan Dotinga (3), Meindert Bylsma (), Tiny Mulder, Anne Hellinga en Tsjerk Veenstra (elkmis). Trouwe ynstjoerders yn de rin fan de jierren wiene of binne û.o. Tsjits Peanstra, Douwe Tamminga, Benny Holtrop, Baukje Wytsma, Jurjen van der Meer, Jelle Bangma. De lêste trije hawwe al safolle skreaun dat fan harren ek bondels jongereinpoëzij ferskynd binne. 'Fersefariaasje' waard sa ek in mooglikheid foar dichters om geregeld harren benammen berne- en jongereinfersen publisearre te krijen; dêr is oars hast gjin poadium foar. Sa koe 'Fersefariaasje' ek debútfersen opnimme.

Tsjerk Veenstra